

Identiteit en taal fan de East-Friezen

"Säi hebbent tēgen däi Dүүtsken spöölt", sei beppe Johanna eartiids. Beppe Johanna is in echte East-Friezinne út it East-Fryske plak Rhauderfehn. En dy Dүүtsers? Och, dêrmei woe se sizze dat it oare team út de omkriten fan Âldeboarch wei kaam. In protte East-Friezen seagen harsels nea as Dүүtsers en se neamden harren taal altyd 'Östfräisk' of 'Östfräiske Tóól'.

Histoaryske kontekst

De begripen 'Dүүtsk' en 'Platdүүtsk' en 'Nederdүүtsk' binne relatyf nije begripen yn East-Fryslân. De skiednis lit ús sjen wêrom. Doe't de lêste East-Fryske foarst yn 1744 stoar, waard East-Fryslân (Östfräisland) ûnderdiel fan Dүүtslân. East-Fryslân wie yn de 18e iuw in fiiftalich lân: East-Frysk Plat wie de omgongstaal, Latyn de geleardetaal, Frysk de minderheidstaal; de beide skrifttalen wienen Nederlânsk yn it westen en Heechdүүtsk yn it easten.

De taal fan it nije Prusyske bestjoer waard nei 1744 Heechdүүtsk, mar yn reformearre kriten wie dy taal om 1800 hinne faak noch frjemd. Yn 1818 joech it regear yn Hannover opdracht om tenei yn it Heechdүүtsk te preekjen, acht jier letter waard der op oanstien om ek de tsjerkeboeken yn it Heechdүүtsk yn te fieren. Pas tusken 1850 en 1880 komt der in ein oan it Nederlânsk as skrifttaal. Dêrmei bleau it Heechdүүtsk as iennichste skrifttaal oer¹. De deistige omgongstaal bleau East-Frysk Plat.

Nei de Twadde Wrâldkriich seagen de East-Friezen har yn earste ynstânsje as 'Reiderlanner' of 'Emder', it kollektive identiteitsgefoel wie 'Fries' of 'East-Fries', mar nea of te ninter 'Dүүtsk'. De East-Friezen betitelen de Folksdүүtske flechtlingen en alles wat fan fierder as Âldeboarch kaam as 'däi Dүүtsken'. Yn 1919 waard 'Dat Hus sünner Lucht' fan de Emders F. Lottmann (1880-1918) publisearre. Yn it boek giet it ferskillende kearen oer 'de Dүүtskers', wat perfoarst net in kompliment wie.

Yn 1936 skreau Tjabe Wiesenmann it boek 'Hochdeutsch und Ostfriesisch'. Dat boek wie yn dy tiid de earste omfangrike taalwittenskiplike publikaasje oer it East-Frysk Plat². By de werprintinge yn it jier 1977 skriuwt de útjouwerij Schuster út Lear: "Wiesenmann betont sicherlich manchmal ein wenig zu sehr die Eigenständigkeit des ostfriesischen Platt." Boppedat waard de titel fan it boek ek noch feroare yn 'Einführung in das ostfriesische Niederdeutsch'. Tjabe Wiesenmann besocht mei syn boek inkeld de grammatikale ferskillen tusken it Dүүtsk en it East-Frysk Plat dúdlik te meitsjen. De *Ostfriesische Landschaft* skriuwt oer it boek: *In 'Hochdeutsch und Ostfriesisch' zeigt sich Tjabe Wiesenmann als brillanter und geduldiger Pädagoge. Er versteht die Lernprobleme seiner Schüler und weiß sie zu lösen.* It boek wurdt, ek troch de *Ostfriesische Landschaft*, om ferskillende redenen priiszge. Dêrom is it in riedsel wêrom't útjouwerij Schuster Tjabe Wiesenmann foar de fuotten smyt dat er

¹ Marron Fort, Die Tradition des Niederländischen in Ostfriesland.

<https://uol.de/einblicke/26/die-tradition-des-niederlaendischen-in-ostfriesland>

² https://www.ostfriesischelandschaft.de/fileadmin/user_upload/BIBLIOTHEK/BLO/Wiesenmann.pdf (lêst sjoen op 6 novimber 2020)

te folle de klam leit op it eigene fan it East-Frysk Plat. Dêrneist skriuwt de útjouwerij sûnder inkeld argumint yn it foarwurd fan de werprintinge: "Das Ostfriesische unterscheidet sich kaum von den nordniederdeutschen Nachbarmundarten." De reden om it boek in oare titel te jaan, waard likemin taljochte. It liket derop dat it boek goed genôch wie foar in werprintinge, mar mei de eigenheid fan it East-Frysk moast ôfweefd wurde en de taal mocht ek net mear East-Frysk of East-Frysk Plat hite mar 'Nederdútsk'.

Mei de erkenning fan it Nederdútsk as *regionale taal* yn 1999 liket it begryp Nederdútsk yn East-Fryslân in ekstra stimulâns krigen te hawwen. De *Ostfriesische Landschaft* moat as bestjoerlike ienheid it begryp brûke. En wat earst in wittenskiplik etiket like, is ûnderwilens djip ferankere yn de East-Fryske mienskip. Mei taalferbodden waard it Heechdútsk om 1970 hinne yn East-Fryslân ynfierd, wat op kosten gong fan it East-Frysk Plat³. De terreinwinst fan it Heechdútsk en de erkenning fan it Nederdútsk as *regionale taal* liede by in grut part fan de East-Fryske befolking ta in identiteitswiksel.

Identiteit en erkenning

In part fan de East-Friezen fielt har noch hieltyd sterk ferbûn mei de Fryske nasjonaliteit. Sa waard in jiermannich lyn in stikker makke mei de tekst: "Ik bin Dútsk steatsboarger - Fryske nasjonaliteit". It steatsboargerskip wurdt dêr fan it begryp nasjonaliteit losmakke. Opfallend is de Ingelske oersetting fan it begryp 'Staatsangehörigkeit' yn Dútske paspoarten; ynstee fan it ferwachte 'citizenship' stiet dêr 'nationality'. Dy oersetting waard letter yn wurdboeken opnommen; tsjintwurdich is de Ingelske oersetting foar 'Staatsangehörigkeit' sawol 'citizenship' as 'nationality'. Lykwols, steatsboargerskip en nasjonaliteit kinne hiel maklik útinoar helle wurde. Yn lannen as Ruslân en de Folksrepublyk Sina wurde de begripen *steatsboargerskip* en *nasjonaliteit* hiel dúdlik skieden⁴⁵. *Steatsboargerskip* drukt it 'lidmaatskip fan in lân' út, dus wêr'tst dyn belesting betellest yn ruil foar fasiliteiten. *Nasjonaliteit* komt fan it Latynske wurd 'natio' en jout oan 'fan hokfoar stamme/folk' oft ien dus is.



In lyts part fan de East-Fryske befolking sjocht harsels hjoed-de-dei yn earste ynstânsje as Fries. Dêr moat wol by sein wurde dat East-Fryslân, oars as in protte minsken miskien tinke, net in homogene befolking, mar in hiele bûnte heterogene befolking hat. Tink mar ris oan de religieuze flechtlingen út de Nederlannen, de sawat 50.000 Folksdútsers út East-Europa, de 'Boat People' út Fietnam en de sirka 700 Sinti út de omkriten fan Lear. En dan binne de moderne flechtlingen fan de lêste

³ Taz.de, „Mein“ und „dein“ auf Platt. <https://taz.de/Niederdeutsch-im-Kommen/!5287076/>

⁴ Andreas Kappeler, Russische Geschichte.

<https://books.google.de/books?id=8iQXAwAAQBAJ&pg=PA13#v=onepage&q&f=false>

⁵ Klemens Ludwig, Vielvölkerstaat China.

<https://books.google.de/books?id=uSIJ8CosHbMC&pg=PA13#v=onepage&q&f=false>

tritich jier noch net iensen meiteld. By de oarspronklik Fryske befolking sille de twa wrâldoarloggen, de ellinde nei de oarloch en de 'Vergangenheitsbewältigung' (d.w.s. leare om goed mei de eigen skiednis om te gean) grif bot bydroegen hawwe oan it fersterkjen fan de Dútske identiteit. Nei de 1960'er jierren kaam it Heechdútsk dêr as taal by, sadat de East-Friezen har talich ek mear ferbûn fielden mei de 'oare Dútsers'.

De fraach oft East-Friezen no Dútsers of Friezen binne, waard mei it fan krêft wurden fan it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden* op 1 febrewaris 1998 formeel beäntwurde. De Friezen, Denen, Sorben, Sinti en Roma binne mei it ramtferdrach erkend as *nasjonale minderheid*. Dat betsjut dat Dútslân binnen syn lânsgrinzen fjouwer lânseigen folken as folksgroep of nasjonale minderheid erkend hat. Ûnderwilens binne der yn East-Fryslân ek in pear groepen dy't har mei it ramtferdrach identifisearje.

De politike partij *Die Friesen* besiket de belangen fan de Fryske minderheid te behertigjen, it *Friesisches Forum* hat it Dútske ministearje fan ynlânske saken frege om stelling te nimmen oangeande it formele wengebiet fan de East-Friezen (dat hawwe se ek krigen), en de *Groep fan Auwerk* hat besocht om op in aktivistyske wize har foar de Fryske nasjonale minderheid yn te setten. Sa hienen sy in wolkomstboerd oan 'e grins dêr't hiel grut 'Niedersachsen' op stie, oerplakt mei de tekst 'Oost-Fryslond'. Yn 2020 waard de *Jungfräiske Mäinskup* (susterorganisaasje fan de *Jongfryske Mienskip*) oprjochte mei it doel om it East-Frysk Plat en it Sealterfrysk te behâlden en fierder te ûntwikkeljen. De feriening set him ek yn foar kulturele autonomy fan East-Fryslân.



Taal

De taal fan East-Fryslân wurdt faak mei begripen as 'Platdútsk' of 'Nederdútsk' ferwiksele. De begripen waarden faak troch sprekkers fan it Heechdútsk brûkt en sa waarden de begripen stadichwei ek yn it 'Platdútske' of 'Nederdútske' taalgebiet gongber. By dy begripen kinne lykwols in pear kanttekeningen set wurde. It brûken fan it wurdje 'Platdútsk' is problematysk wurden omdat it noch hieltyd negative assosjaasjes opropt. It soe in "dom taaltsje" wêze en der waard dêrom ek bot op delsjoen. De negative assosjaasjes mei de taal troch de negative histoaryske kontekst freegje derom om it begryp te fersmiten. De *Jungfräiske Mäinskup* nimt dan ek mei klam ôfstân fan dat begryp.

It begryp 'Nederdútsk' waard troch de wittenskip in soad brûkt. Tagelyk woenen se mei dat begryp in soarte fan ienheidsdefinysje foar de tongfallen fan Noard-Dútslân neistribje. Dy basis fine de East-Friezen hiel lestich, want ús oertaal is Frysk en net Dútsk.

De East-Fryske sjonger Stefan em Huisken formulearret it sa op syn webside⁶:

⁶ Stefan em Huisken, Plattdeutsch, Niederdeutsch, Sassisk, Oostfreeske Taal – Ja was denn nun? <https://emhuisken.de/wordpress/2017/09/plattdeutsch-ja-was-denn-nun/>

"Für mich spricht nichts dagegen, wenn die auf dem Gebiet niederdeutscher Sprachpflege ja sehr aktiven und erfolgreichen Ostfriesen ihre regionale Sprachform selbstbewusst 'Oostfreeske Taal' nennen – und dabei alle klare Unterscheidung von friesischen und niederdeutschen Sprachvarianten unter den Tisch fallen lassen, ja vielleicht sogar bei manchem Besucher ganz falsche Vorstellungen wecken (nämlich: diese Sprache sei 'friesisch'). Sie fühlen sich eben mehr als 'Friesen' denn als 'Sachsen', und so ist dieser Name der Sprache auch Ausdruck für ihre gelebte Identität."

Stefan em Huisken hat it dêr oer it etiket fan de taal, mar ynhâldlik soe men de *Östfräiske Tóól* hielendal net mei it Nederdútsk yn ien sike neame meie. Minsken dy't roppe dat it Sealterfrysk it lêste restant fan de âlde *Âldfryske taal* is, en dat dy *Âldfryske taal* yn de rest fan East-Fryslân dea is, ymplisearje wat oars as wat werklik it gefal is.

It proses fan ûntfryskjen yn East-Fryslân gong hiel stadich en einige yn plakken as Stedesdorf pas ein 18e iuw en op Wangereach duorre it oant 1930. Yn Varel stoaren de lêste Fryskpraters pas yn 1950. Dêrmei liket it Frysk allinnich noch yn *Sealterlân* oerlibbe te hawwen, mar it Frysk is ek yn de rest fan East-Fryslân net hielendal ferdwûn.

Hjoed-de-dei bliuwt der in soarte fan mikstaal mei in sterk Frysk oanpart en in kompleks fokaalsysteem. Dat binne twa dingen dy't it Nederdútsk net hat. By it moderne East-Frysk Plat kin men better fan in miks fan twa talen prate.

Mei dy bril op kin men net fuort sizze dat it Frysk bûten it Sealterlân útstoarn is, mar der is ek yn de rest fan East-Fryslân in fuortsetting fan de taal fêst te stellen. Dat is ek te sjen oan de namme fan de taal. Sa seinen de East-Friezen eartiids nea of te ninter 'Platdútsk' of sokssawat, mar beskreauwen se harren taal altyd as 'Östfräisk' of 'Östfräiske Tóól'. De *Jungfräiske Mäinskup* is fan betinken dat allinnich dát begryp rjocht docht oan de taal en pleitet derfoar dat oare minsken/talen dat begryp oernimme wannear't se oer de taal fan East-Fryslân prate. Foar in grut part fan de wittenskippers liket dat begryp net akseptabel omdat se hiel graach in dúdlik ferskil tusken Nederdútsk en Frysk meitsje wolle. De oantsjutting 'East-Frysk' of 'East-Fryske taal', sa't in hiel soad sprekkers harren taal neame, is foar de wittenskip in no-go. Der binne mar in pear wittenskippers dy't de taal as *Frysk-Nederdútsk* kategorisearje, wat histoarysk sjoen korrekt is.